

inkeld ferstjoerd mei de e-mail

██████████@knid.nl

Ljouwert, 3 oktober 2024
Ferstjoerd, **- 3 OKT. 2024**

Ús merkteken : 02299432
Domein/ Team : Domein Tsjinstferliening
Opsteld troch : Woo-team / (058) 292 59 25 of woo@fryslan.frl
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : Beslissing op jo Woo-fersyk mei saaknûmer PF-2023/271467

Op 4 desimber 2023 krigen wy jo fersyk om ynformaasje op grûn fan de Wet open overheid. Dat fersyk is registrearre ûnder saaknûmer PF-2023/271467. Wy fersykje jo by eventuele fierdere korrespondinsje dat saaknûmer te brûken.

Nei oanlieding fan jo fersyk krije jo dit beslút.

Jo fersyk

Jo fersyk slacht op it iepenbier meitsjen fan it neikommende:

Graach soe ik yn it kader fan artikel 4.1 van de Wet open overheid (Woo) de neikommende ynformaasje ûntfange, by foarkar yn digitale foarm.

It giet my om de stikken dy't laat hawwe ta it takennen fan it lést bekende Taalplan-Frysk profyl en deselde stikken oer it takende Taalplan-Frysk profyl wat fjouwer jier earder takend is. Dan tink ik bygelyks oan: fragelisten, ynterviewferslaggen, it Taalplan Frysk-rapport en it formele Taalplan Frysk-beslút fan Deputearre Steaten en it lochboek wat de skoalle byhâlden hat mei de skoalstiper yn de oanbelangjende perioade.

Dy stikken krij ik graach oer de folgjende skoallen:

- OBS Prof. Casimir yn Kollum
- De Finne yn Warten
- OBS de Wyk yn Snits
- De Skeakel yn Seisbierum

- De Bernebrêge yn Surhústerveen
- De Epemaskoalle yn Ysbrechtum
- MEILÂN, Stg voor Christelijk Basis Onderwijs yn Heerenveen en De Fryske Marren
- Het Slingertouw yn Heerenveen

Dêrneist krij ik graach eventuele stikken fan boppeneamde skoallen oer it gebrûkmeitsjen fan stipemooglikheden dy't oanbean wurde yn it kader fan Taalplan Frysk 2030.

Mei ferwizing nei de termyn dy 't neamd is yn kêst 4.4 fan 'e Woo, fersykje ik jo my de frege ynformaasje foar 10 jannewaris 2024 ta te stjoeren.

As jo kosten yn rekken bringe foar it meitsjen fan kopyen ensfh. fersykje ik jo my dêr yn 't foar fia de e-mail op 'e hichte te bringen.

Ferrin fan it proses

Op ûnderskate stuiten hawwe wy kontakt mei jo hân. Sa hawwe wy jo op 5 desimber 2023 in ûntfangstbefêstiging stjoerd. Dêrnei hat der op 15 jannewaris 2024 telefoanysk kontakt west tusken jo en in meiwurker fan it Woo-team. Der is doe praat oer de stân fan saken fan jo Woo-fersyk. Sa is bepraat dat de dokuminten sammele wiene en dat in part fan de dokuminten noch lakt wurde moast. Ek is bepraat dat de tredde-belanghawwenden noch de gelegenheid krije moatte om in sjenswize yn te tsjinjen. Dat telefoanysk kontakt is mei in mail op 15 jannewaris 2024 befêstige.

Dêrnei hawwe wy jo mei de e-mail fan 15 febrewaris 2024 witte litten dat de tredde-belanghawwenden oant en mei 6 maart 2024 yn 'e gelegenheid steld binne om in sjenswize yn te tsjinjen en dat yntsjinne sjenswizen by it beslút ôfwoegen en behelle wurde.

Jo hawwe dêrop mei jo e-mail fan 14 maaie 2024 reagearre, mei ûnder oare de fraach wannear't jo de dokuminten ferwachtsje kinne. Dêrop hawwe wy reagearre mei ús e-mail fan 15 maaie 2024, dêr't wy ús ûntskuldigings yn oanbean hawwe oer it opûnthâld yn de ôfhanneling fan jo fersyk.

Wy hawwe jo ynfersomstelling op 27 augustus 2024 ûntfongen.

Op 24 septimber 2024 hawwe jo berop by de rjochtbank Noord-Nederland ynsteld fanwegen it net op 'e tiid nimmen fan in beslút. De rjochtbank Noord-Nederland hat ús dêr by brief fan 27 septimber 2024 oer ynformearre.

Tredde-belanghawwenden

Dit beslút rekket ek de belangen fan oaren as de provinsje Fryslân. Dy tredde hawwe wy ynformearre oer it Woo-fersyk en ús foarnommen beslút. Dêrop koene sy in reaksje (sjenswize) nei foaren bringe. Net ien fan de tredde-belanghawwenden hat fan dy mooglikheid gebrûk makke.

Draachwiidte fan it fersyk

De draachwiidte fan it fersyk wurdt, oan 'e iene kant, begrinzge troch ynformaasje dy't by ús berêst, yn besteande dokuminten, oer it ûnderwerp fan it fersyk en oan 'e oare kant troch de datum fan ûntfangst fan jo fersyk. Jo fersyk is op 4 desimber 2023 by ús ynkommen. Dat betsjut dat publike ynformaasje oer it ûnderwerp fan jo fersyk yn besteande dokuminten, foar safier't wy dy op 4 desimber 2023 ûnder ús hawwe, yn de draachwiidte fan it fersyk falt.

Hoe hawwe wy socht en hoefolle dokuminten binne oantroffen

Wy hawwe yn ús publike ynformaasje socht nei ynformaasje dy't yn de draachwiidte fan jo fersyk falt.

Dêrby is der alles oan dien om ta in sa folslein mooglike sykslach te kommen. Dy sykslach achtslaande binne mei-inoar 107 dokuminten oantroffen. Dy dokuminten binne troch it team Taal en Leefberens en it team Subsydzjesaken oanlevere.

De sammele dokuminten foar de beäntwurding fan jo Woo-fersyk binne yn de ynventarislist by dit beslút opnommen.

Beslút

Wy hawwe besletten om, mei it achtslaan fan de útsûnderingsgrûnen fan de kêsten 5.1 en 5.2 fan de Woo, de troch jo fersochte ynformaasje, foar safier't wy dêroer beskikke, (foar in part) iepenbier te meitsjen op grûn fan kêst 4.3 fan de Woo.

Yn it ûndersteande wurdt útlein wêrom't hokker útsûnderingsgrûn tapast is.

Earbiediging fan de persoanlike libbenssfear

Op grûn fan kêst 5.1, twadde lid, oanhef en ûnder e fan de Woo, bliuwt it iepenbier meitsjen fan ynformaasje út foar safier't it belang dêrfan net opwaacht tsjin it belang dat de persoanlike libbenssfear fan yndividuele persoanen earbiedige wurdt.

Yn ferskate dokuminten steane persoansgegevens of gegevens dy't de persoanlike libbenssfear fan meiwurkers yn oerheidstsjinst, of oare persoanen, reitsje kinne. Wy binne fan betinken dat oangeande dy gegevens it belang fan earbiediging fan de persoanlike libbenssfear swierder wage moat as it belang fan iepenbierheid. Dêrom binne de nammen, e-mailadressen, telefoan- en trochkiesnûmers en oare gegevens dy't nei harren liede kinne yn dy dokuminten ûnlêsber makke.

No't de ynformaasje dy't fuortlakt is dêrneist net needsaaklik is foar de beoardieling fan de frege ynformaasje waacht de beskerming fan de persoanlike libbenssfear nei ús betinken noch swierder as it algemien belang fan iepenbier meitsjen fan ynformaasje. Ek as dat om persoansgegevens fan meiwurkers yn oerheidstsjinst giet. Dêrby nimme wy yn ús oerwaging mei dat it hjir net giet om it opjaan fan in namme oan in yndividuele boarger dy't mei in meiwurker yn oerheidstsjinst kontakt hat, mar om it iepenbier meitsjen op grûn fan de Woo. It bekend wurden fan dy gegevens soe betsjutte kinne dat hy of sy bûten de kaders fan it wurk oansprutsen wurdt. Dat kin liede ta oantaasting fan de persoanlike libbenssfear.

Unevenredige beneideling (kêst 5.1 lid 5 Woo)

Op grûn fan kêst 5.1 lid 5 fan de Woo kin it iepenbier meitsjen fan oare ynformaasje as miljeu-ynformaasje útbliuwe as it iepenbier meitsjen ûnevenredige beneideling tabringt oan in oar belang as neamd yn kêst 5.1, earste of twadde lid fan de Woo en it algemien belang fan iepenbierheid net tsjin dy beneideling opwaacht.

Yn de dokuminten hawwe wy nûmers fan bankrekkens oantroffen. As bankrekkennûmers iepenbier wurde, kin dat liede ta in ûnevenredige beneideling fan de tredde-belanghawwende, fanwegen de kâns op misbrûk fan it bankrekkennûmer. Dêrom hawwe wy de bankrekkennûmers fuortlakt.

Wize fan foarsjen, iepenbier meitsjen en publikaasje

Dit beslút en de dêrmei iepenbier makke dokuminten wurde publisearre op de webside <https://open.fryslan.frl/> ûnder it tema 'Onderwijs en Wetenschap'. As service krije jo ús beslút ek mei de e-mail.

Wy stelle de tredde-belanghawwenden op 'e hichte dat it beslút mei de dêrby hearrende stikken op ús webside te finen binne.

Fragen

Hawwe jo nei oanlieding fan dit brief noch fragen, dan kinne jo kontakt mei it Woo-team opnimme. Dat kinne jo dwaan troch te beljen nei (058) 292 59 25 of in e-mail te stjoeren nei woo@fryslan.frl. Wolle jo dêrby it saaknûmer PF-2023/271467 neame?

Út namme fan it kolleezje fan Deputearre Steaten,



Domeinmanager Tsjinstferliening

Beswier

Dejinge waans belang streekrjocht by dit beslút behelle is, kin tsjin dit beslút binnen seis (6) wike nei de dei fan it ferstjoeren dêrfan in beswierskrift by Deputearre Steaten yntsjinje, Postbus 20120, 8900 HM yn Ljouwert.

Yn it beswierskrift moat op syn minst stean:

- de namme en it adres fan de yntsjinner;
- de deitekening;
- in omskriuwing fan it beslút dêr't it beswier op rjochte is en by foarkar mei it neamen fan it *skaaimer* fan it beslút;
- de grûnen fan it beswier;
- de hantekening fan de yntsjinner.

Mear ynformaasje oer de beswierskrifteproseduere fine jo op www.fryslan.frl ûnder "contact", of jo kinne belje mei it sekretariaat fan de beswierskriftekommisje: tel. (058) 292 59 25.

Troch it yntsjinjen fan in beswierskrift skood de wurking fan dit beslút net op. De yntsjinner fan in beswierskrift kin, as it fuortendaliks moat, in foarriedige foarsjenning freegje by de foarsjenningerjochter fan de rjochtbank Noord-Nederland, Afdeling Bestuursrecht, Postbus 150, 9700 AD yn Grins. Oan in fersyk om in foarriedige foarsjenning binne wol kosten (griffyrjocht) ferbûn.

Toelichting grondslagen

In dit document kunt u secties vinden die onleesbaar zijn gemaakt. Deze informatie is achterwege gelaten op basis van de Wet open overheid (Woo). De letter die hierbij is vermeld correspondeert met de bijbehorende grondslag in onderstaand overzicht.

J Art. 5.1 lid 2 sub e

Het belang van de openbaarmaking van deze informatie weegt niet op tegen het belang van de eerbiediging van de persoonlijke levenssfeer van betrokkenen